



De boeresionger : ny frisk lietebôek for feinten en fammen

<https://hdl.handle.net/1874/234473>

Br. 1057, II. 31

mm 10883

DE BOERESJONGER.

Ny Frisk Lieteboek

FOR

FEINTEN EN FAMMEN

OPMAKKE FEN

WALING DYKSTRA.

Tréddde Printinge



TO FRENTSJER, BY
T. TELENGA.

147

ARTSCHYCKWALD



Or. 1859. II. 31

DE BOERESJONGER.

Ny Frîsk Lietebôek

FOR

FÝNTEN EN FAMMEN,

OPMAKKE FEN

WALING DYKSTRA.

Trêdde Printinge.

TO FRJENSTJER, BY
T. TELENGA.



GOEDE RIE.

Wize : *Der in dat tropke beammen.*

—
Wês, fynten, in jim fryen
Rûnborstich mar en fry;
Is immen bleu en myen,
Hy rekket licht foarby.

Wês drist en unbiskamme,
Net unbiskoft en blin!
Den litte dy de fammen
Hjar hertsje maklik in.

Wês, fammen, net utlitten,
Mar sedich, stil en gôl;
In faem bljuwt meast al sitten,
Dy 't sels oan 't fryen wol.

Mar as der fryers daegje,
Wês den mar wol biredt.
De frjûnlikheid scil haegje,
Mar koele stegens net.

In fryer, ken er prate
Mei skik en op 'e tiid,

Dy het in skat to bate:
Dy wint al licht de striid.

In faem, dy 't wit to swyen
Hwet heech op 't hert hjar leit,
Het kans hjar sin to kryen,
Howol se 't nimm'en seit.

It praten past in fryer,
It swyen past in faem;
En mannich waerd de lyer,
Dy 't oars-om ûndernaem.

't Untkomt faek wol in tûken.
't Is kinst, dat immen wit
Sin angel op to lûken
Krekt as it fiskje bit.

MIN RINSKE WACHTET MY.

Wize: *Wat wordt het laat, de klok slaat acht.*

—
Min deiwirk hab ik wer biredt,
Nou ha 'k min eigen fry.
'k Nim gau in oare buis en pet:
 Min RINSKE wachtet my.
 Min RINSKE, swiete blom!
 Hwet slacht it hert my rûm

As ik wer oan din side ben,
Den fleane de uren om.

Min deiwirk falt my swier noch hird.
Dat het soms wol sa wést,
Mar sint my RINSKE jowch hjar wird
Ken ik to wrald gjin lëst.
It flucht my tröch de hân,
Sa ben ik in 'e brân
As ik om 't brave famke tink:
Dat skerpet mën forstân.

Den tink ik, to nou, rep dy mar!
Der dyt de sparpot fen;
Sadwaende kry ik ringen hjar,
Der 'k net lang bûten ken.
Ik hoopje, mei in jier
Den ha 'k it hast sa fier
Dat ik in eigen spil bigjin.
'k Woe dat it al sa wier.

As jüns it moantsje ljeaflik skint
Oer 't stil en rëstich lân,
Den makket hja dat hja my fint.
Den gean wy hân oan hân
Nei 't smoute plakje ta,
Dat wy ûs útsocht ha;
Der 't nimmen sjen of hearre ken
Ho 'n wille as wy den ha.
En matte wy den wer nei hûs,

Den jowt dat aerdich bern
 My yet ris patsjes by de rûs,
 Foar dat ik hinne tsjen.
 Den seit dy huningblom :
 »O sei hwet ha wy 't rûm !
 As moarntojûn it moantsje skint
 Kom den foaral werom !”

Ik woe wol dat it sa mar stie,
 Dat ik hjar elke jûn
 As ik mîn wirk birêdden hie,
 In eigen wente fûn.
 Wier den de dei foarby,
 En ik fen 't wirk wer fry,
 Den tocht ik yet mei greater nocht :
 Mîn RINSKE wachtet my.

JT ROASKE EN IT BYKE.

Wize: *Altijd leeft de zeeman blij.*

Ik seach in roas foar 't fenster stean.
 't Pronke mei de moaiste kleuren,
 Mar it like wol to treuren,
 Hwent och, it halde 't kopke skean,
 En 't sinneglûrkjen holp gjin bean.

In byke mei in swiet gebrom
 Tocht by 't roaske rêt to kryen ;

't Fensterglês dat woe 't net lye 'n
 It staette 't byke wreed werom,
 Ta spít fen 't byke en fen de blom.

De glâns en fleur forliet de roas.
 Al hjar bledsjes liet se falle,
 En it byke, sa forballe,
 Dat siet to treuren in it moas,
 Waerd noait sa fleurich wer as oars.

Hwa is dat treurich roaske nou ?
 Hwa dat üngelökkich byke ?
 Dat ben ik, mìn ljeave SYKE !
 En 't roaske, beste faem, bist dou !
 O, briek it fensterrût mar gau.

Ik tink om dy by nacht en dei
 'k Wit wol datste my beminste,
 Datst gjin wille habbe kenste,
 Nou 't ik net by dy komme mei. —
 Sa kwine wy ûs dagen wei.

Hwerom moast op sa'n rike faem,
 Ik mìn eagen falle litte ?
 Ommers koe 'k foarût wol witte,
 Dat dat my dôch forkeard bikaem,
 Ho 't ik it wirk ek ündernaem.

Mar 't is hjar jild en rikdom net :
 Hjar oannimlikheid allenne,

't Wêzen blier allik de sinne
 Is 't dat my sa bitovre het,
 En my it hert in lôge set.

Ik wit, hja woe wol graech mei my
 In in reiden hutte wenje,
 't Sober brea mei my fortsjinje.
 Foar hjar het rïkdom gjin weardy,
 Foaral nou 't ik er sa om ly.

As hja my bödsjen sjucht in 't lân,
 Kipjend tröch de greate glêzen,
 'k Wit den winsket hja to wêzen
 Mei my allik fen rang en stân;
 Om my to jaen hjar hert en hân.

Hwet boarten wy, as berntsjes, bliid
 In hjar heite lange fenne;
 Der 't ik wier, woe hja ek hinne.
 Och dat dy gölle bernetiid!
 Us hjir sa bjustre rêd üntgliidt!

O blinkend jild! sa hird en kald,
 Hwet oerlaedst dou mannich herte
 Mei in fracht fen bittre smerte.
 Dou bist it, ôfgod fen de wrald!
 Dy 't my fen 't ljeafste famke haldt.

F R Y D O M.

Wize : *In het duisterste der bosschen.*

Fljucht in fûgeltsje oer de fjilden
 Den is 't bliid en wol to moed ;
 't Sjongt en springt in fölle frydom,
 En dy frydom döcht him goed.

Mar der komt in fûgelflapper,
 Dy it him fangt en nimt him mei ;
 En dy ait him en dy flait him,
 Mar den is sîn frydom wei.

In in kauke mat er sitte ;
 Hy is 't eindom fen sîn hear.
 Lit him sjonge, lit him springe,
 Fry is 't fûgeltsje net mear.

Ek din hertsje mist de frydom,
 Swiete faem ! it waerd mîn bût :
 In mîn hert hab ik it sletten.
 En it komt der net wer ût.

Wotte sjonge, wotte springe,
 Dat is tige nei mîn sin ;
 Likwol maste jimmer fiele,
 Dat ik eigner fen dy ben.

PIER EN JANKE.

—

PIER.

Goeden jûn, mân aerlich fanke !
 Ken 'k dy, bern, of ken 'k dy net ?
 Biste net JAN ABES JANKE ?
 Wennest der net by dat set ?
 Is din heit gjin grote boer,
 Mei in fjirtich bisten ?
 Kom fortel my dêr hwet fen,
 Hwetste er mar fen wiste.

JANKE.

't Past my net der fen to sprekk'en ;
 'k Rekket dy ek net in bean.
 Dou wo'st my de gek oan stekke,
 Dêrom kenst mar hinne gean.
 Siikje mar in oaren oan.
 't Ken my dôch net wachtsje
 Om hjir mear by dy to stean ;
 'k Liet my den binachtsje.

PIER.

Och, ljeaf fanke, net sa bjuster !
 Hear dôch efkes yet nei my.
 Wirdt it underwilen tsjuster,
 Den gean ik nei hûs mei dy.
 Spriek ik mar din heit, ik scoe
 't Wol mei him birenne ;
 Hwent mân alden benne lju
 Dy 't wol stoue kenne.

JANKE.

Wel, hwet reitse my din alden ?

Goed for dy dat hja hwet ha. |

Ik tink my yet fry to halden ;

'k Ben yet oan gjin manlju ta.

Fryheid is in nöchlik ding,

Dat my 't beste haget.

Mannich-ien dy hjar forlit

Him tonei biklaget.

PIER.

JANKE, koe ik dy mar krye,

Ik scoe dy wol wille jaen.

Folle better as it fryc

Scoe dat libben dy foldwaen.

'k Scoe dy tsjinje hwer 't ik koe,

En din lök forheegje ;

Hwent ik ben oprjucht fen aerd :

Dêr kenst elk nei freegje.

JANKE.

Scoe ik by de bûrljue renne

'n Freegje nei din lek en brek ?

Fy hwet skeelt dy ? Gean mar hinne,

Hwent it wirdt my al to gek.

Kom, ik mat mar gau nei hûs ;

'k Mocht oars kibjen krye.

't Harke siker al to lang

Nei din praterye.

PIER

Mei 'k den sneintejûne komme ?

Den 's 't dôch de fryerstiid.

Den is licht dy 't hert forrûmme ;
 Moglik win ik den de striid.
 Tink er underwiles oer.
 Kenst dy den biriede,
 'k Stel it aan din alden foar,
 Ear 't wy den wer skiede.

JANKE.

Fy, ik mei der net om tinke,
 Ik ben yet mar achtsien jier.
 Scoe 'k dy nou mîn hân al skinke ?
 Né, dat is my yette t' ier.
 Ik wol in mîn jonge jeugd
 Yet hwet wille smeitse ;
 Troude 'k nou al, den scoe 'k licht
 Gau in 't lyen reitse.

PIER.

As we elkoar us wird mar jowe,
 O, den ha wy yet wol tiid.
 Wo'st mei trye jier net troue,
 Den mei sjouer. 'k Ben al bliid
 As ik mar din tawird hab
 Datste my biminste,
 Jow my dêr in patsjen op,
 Earste fjirder renste.

JANKE.

Né hwet mienste ? 'k Wol net frye
 Sa mar bleat wei bûten doar ;
 Hwent my tinct men mat yen mye
 For de praetsjes fen in oar.
 Seach us immen hjir sa stean,

Den wie'n we op 'e tromme.
 Dêrom, heste hwet in 't sin,
 Den mast mei my komme.

SANKJE FEN DE BAKKERSFYNT.

Wize: *Toen ik op Neérlands bergen stond.*

Ik ben in flinke bakksrsfynt,
 Dy 't goed sin handwirk ken;
 En allerhanne nifelwirk
 Der ha 'k de slach wol fen.
 Leau mar fry, ik ben net min.

Ik stean moarns ier foar dage en dau
 Foar de ûn al in min swit
 To skreppen krekt sa hird as 't ken,
 For mannich ien dy yet
 Slûmjend fen de wrald net wit.

En wils 't ik den de boltsjes drai,
 Den tink ik oeral om;
 Den tink ik, wer is LOKKE nou?
 Dy swiete huningblom
 Leit yet nöchlik in 'e plûm.

En hab ik den it kliengoed ré,
 Den tink ik, jonge! ik woe

Dat 'k nou ris efkes for in kear,
 By LOKKE komme koe;
 'k Wist wol hwet 'k hjar bringe scoe.

In krintepofke farsk en bôl,
 It moaiste dat ik hie.
 Ik wit dat famke mei se wol,
 En as ik dat ris die,
 Wit ho 't hja forgulde wie.

Mar as ik sneintojûns den kom
 Den tinkt se om pofkes net.
 Den wit se wol, dat aerlich ding.
 Den ha 'k hwet oars in 't tet;
 Der 't se better smucht op het.

Mar lêsten do 't ik by hjar siet,
 Do sei 'k, och faem sids »ja !"
 Den scitte, wird ik bakkerbaes,
 De rûmt fen pofkes ha.
 O, do lake 't fanke sa !

Do sei se: JELKE, mienste dat,
 Den praet ik net mear tsjin;
 Hwent as ik bakkerinne wird,
 Den kry 'k nei min sin.
 To minsten as ik dines ben.

As 't nou my ridlik slagje wo!,
 Den kry 'k in bakkery,

En hja ken eft'r 'e toanbank gean,
 En bar it jild for my.
 Wit ho'n wille 'k den wol kry.

WELKOMSTLIET FEN DE BOER OAN
 DE EIBERT.

Wize: *Weér zinkt de dagtoorts neder.*

Wês wolkom foarjiersbode !
 Mei prikken in 'e bek,
 Dou sikest gjin palezen,
 Mar min ienfaldich tek.

Hwer heste dôch wol sitten,
 By 't winter in 'e kjeld ?
 Dat winske 'k wol to witten,
 En 't waerd my noait forteld.

Fier matte jimme swalkje,
 Ooars wier 't ús wol bekend.
 Doch koest min hûs wêr fine,
 En de alderlike went.

Dou meist hjir fest wol wêze ;
 Oars kaemst net wer op ny.
 Lit hearre din geklapper,
 Dat is in nocht for my.

Ik scil dy net forsteure
 In 't bouen fen din nest.
 Men seit: der 't jimme wenje
 Stiet immens wolfaert fest.

Ja, feilich scitte wêze.
 't Is for min hûs in pronk,
 Stiets dou der woltofreden
 In 't nest op 'e iene skonk.

O F S K I E.

Wize: *Lieve schipper vaar mij over.*

Yet in patsje ear 't wy skiede,
 Nou 't it us yet barre mei,
 Pronkje fen de lege mieden.
 Och, ik mat nou by dy wei !

'k Mat it friske lân forlitte
 Om to tsjinjen for soldaet.
 Mar ik scil dy net forjitte,
 Hwet us fen elkoar ek skaet.

Ljeafste fanke, lit dat suchtsjen !
 'k Hoef net foart for lange tiid.
 Ommers is 't gjin tiid fjuchtsjen;
 Né, wy gean net in de striid.

Seiste my dat ik allenne
 Plak hab in din fielend hert,
 Den gean 'k wol fornôege hinne,
 Al döcht my it skieden smert.

Jimmer trou scil ik dy bljuwe,
 As ik in 'e fjirte ben;
 En ik scil dy brieven skrjuwe,
 As dat dy mar treaste ken.

Mei ik den fen dy ek lêze
 Ljeave wirdsjes fen din hân,
 Hwet scil dat my treastlik wêze,
 Jinsen in dat freamde lân.

Yet in patsje ear 't wy skiede.
 't Makket my it hert sa rûm.
 Tink mar — ljœafste skat op ierde!
 Binnen 't jier kom ik werom.

Den scil neat ûs lök forsteurje,
 Hwent wy miene 't elkoar goed.
 Dêrom famke, net mear treurje,
 Bljuw mar jimmer wol to moed !

Yet in patsje for it lêste
 Yet in trjuwke tsjin my oan. —
 Nou farwol, min alderbeste!
 Yet in patsje, 'n den goe' moarn!

BEBPE'S RIE OAN KEKKE.

Wize: *Ik ben ferwer, ik ben striker.*

—
 KEKKE, wol in fynt dy frye,
 Tink den de eare is tige tear.
 Is er deugdsum, 'k mei 't wol lye,
 Derop sjuch ik fölle mear
 As op rikdom, jild en skat:
 Benn' se kwea, hwet helpt den dat ?

Jild het mannich ien bidragen ;
 Tink mar : neibirou döcht sear.
 Skep allenne in deugd bihagen ;
 Deugd en ear fornøeget mear.
 Leau it fry, in bulte goed
 Jowt in bulte sorch en noed.

Wötte in sedich fanke hjitte,
 Och din ear dy is sa tear.
 Ren net pronkmoai op 'e strijtte ;
 Stille deugden jilde mear.
 Dat gepronk en dat geswier,
 Jowt oars neat as falk pleisier.

Komste mei de tiid to trouen,
 O, den leit it ek sa tear.
 Döch net lik as greate frouen ;
 Wês for 't wirk den altiid klear.

Tink mar : jimmer ût to gean
Jowt forsiker gjin bisteane.

Lear din berntjes goede seden
Krekt lik as ik dy se lear ;
Hald hjar nedrich en tofreden ;
Tink, hjar eare is ek al tear.
Pronk en preal en greate steat,
Dat haldt mannich keal en bleat.

KEKKE, wol min rie bitrachtsje,
Hwent din ear dy is sa tear.
Jild mast net fen my forwachtsje ;
'k Skrabbe noait gjin skatten gear.
'k Lit min goede rie dy nei :
'k Hoop dat dy dy tsjinje mei.

LJEAFDE-PETEAR.

Wize: *Weet je wel waar Barend woont.*

Ljeave TETSJE, swiete blom !
Lien my 'n inkeld patsje ;
'k Bring it dalik dy werom,
Leau it mar, min skatsje ! —
Lienen, JAPIK, döcht faek skea ;
Lienen is mar lyen.
Ljeaver jaen 'k dy, mei 't gjin kwea,
Fry om ien te kryen.

Kryen, dat is stellen, TET !
 Stellen is net tige.
 Jow my ien, den stel ik net ;
 'k Ha 't den earlik krike. —
 Wöst fen my to jow hwet ha ?
 Scoe dy dat bitamje ?
 Nou, knip de eagen efkes ta :
 'k Mocht my oars biskamje.

Neat ha 'k sjoen mar wol fornomd
 Hwetst der útfierd heste.
 't Is my tige goed bikomd ;
 'k Scoe wol yet ien leste. —
 Hwet dy goed döcht is gjin kwea,
 Dat seit my min hartsje ;
 Lit ûs derom, JAPIK ljea !
 Mar togjerrel patsje.

SIMKJENS KLACHTE.

Wize : *Herinnert ge u, sprak laatst een oude krijger.*

As alle ljeue jüns nöchlik rête meye,
 En sine derin treast for hjar fortriet,
 Den mat ik stil min dröevich lot bikleye.
 Min alde man sljept oan min side swiet.
 Ik wier it bern fen earme warbere alden ;
 Ik hie 't net rüm, mar wie 'r tofreden by.

En JELMER, dy 't fen my safolle halde,
Dy minde 'k wer: mar hy wier earm as wy.

Hy gинг op sé, om jild byien to garjen;
Ik seach him gean mei mannich stille trien.
Hy sei: »Ik gean om hwet for dy to sparjen;
Den kom ik wer! — Och, wier er mar net gien!
Hwet brocht dy tiid in weamoed en in roue!
Min heit forstoar; do wie'n we 'r slim oan ta.
En rike FRANS sei: »SIMK, wo'st mei my troue?
Den scil dіn mem gjin brek to lyen ha." —

Hwet moast ik dwaen? Min earme mem moast lye;
Hjah ie 't sa krap, en wier mar selde sùn.
Mei 'n alte man koe 'k jild en oerfloed krye:
'k Hab him mіn hân — mar net mіn herte — jown.
En JELMER kaem werom fol blide hope;
Brocht fen sіn reis in tsjùkke sparpot mei.
Hwet bitter nys moast do sіn wille slope!
Gjin ûre wier de fynt mear sùn dernei.

En jister, do 't ik siet hjir foar de glézen,
Do drôech men 't lik sen JELMER hjir foarby.—
En ik, ik trachtsje in tankber wiif to wêzen
For rike FRANS; hwent hy is goed for my.
Mar as dê ljue jûns nochlik rête meye,
En fine derin treast for hjar fortriet,
Den mat ik stil mіn bitter lot bikleye.
En nest my sljept mіn alte man sa swiet.

JN NY LIET FEN IN FYNT EN IN FAEM,
**op 'e strjitwei twisken Frjentsjer en
 Millum.**

Wize: *Waar is Keesje, waar is Keesje.*

JELLE nyboer ried allenne
 Ut de sted fornôege en bliid.
 Seaft liet hy sîn brûntsje renne,
 Hwent hy die 't him wol oan tiid.
 En hy siet,
 Wils 't er ried,
 Stil sîn dingen oer to lidzen ;
 Hwent in *Frjentsjer* hearde er sidzen,
 Dat de waer dy bleau mar djûr ;
 En dat fôege in jonge boer.

Hy kaem tichte by *Great Lankum*.
 Hwa roan der de strjitwei lans ?
 't Like in wûnder snipper fanke.
 JELLE tocht, nou is er kans
 Dat ik dy
 Nest my kry.
 Om 't hja nou en den ris kipe,
 Koe hy, hwet hja woe, bigripe ;
 Dêrom halde er stil en sei :
 »Famke, rid in eintsje mei !»
 't Famke krige in reade hölle,

Mar hja gripte gau hwet moed.
 »Let it jo net al to fölle,
 Sei se, »den fin ik it goed." —

Nuv're gau

Siet se nou

Smûk en wol oan JELLES side.
 Mannich hie 't him wis binidde;
 Hwent hja wier sa göl en blier,
 Dat by glèd er oars sen wier.

JELLE sei: »Hwer mat jy hinne?" —

En hja sei: »Nei *Millum* ta.
 'k Tocht jy scoene my wol kenne;
 'k Seach jo faker, tinct my sa.

Hjir of dêr;

'k Wit net hwer.

Ek scoe 'k heel net sidze kenne
 Hwer 't jy wenje en hwa 't jy benne.
 Ha 'k it goed, den ha jy fest
 Wol ris mear to *Frjentsjer* west." —

»Just, jawol, dat ha jy rekke!

Alle wiken meast ienkear.

'k Ben kort-by nei diss' kant rekke,
 Tröch de foarspraak fen in hear,
 Dy 't my koe
 'n Helpe woe.

'k Wenje sint in wike of njuggen
 Op dy pleats, dy 't jy der sjugge! —"
 »O!" sei hja, »der wit ik fen:
 Benn' jy JELLE nyboer den?"

»Wol bigrepèn ! ja, dy ben ik !
 'k Hab in fikse buorkery.
 Tritich bisten meltse ken ik ;
 Best foldocht it huorkjen my.
 Hûs en lân
 Goed in stân ;
 Alles tige nei de letter.
 Mar it koe dôch yette better,
 Hwent ik ben yet sùnder wiif !
 Dat 's in danich ùngeriif.” —

»Ei, nou kom ! woe 'k deroer grine ?
 Wel my tocht, wie 'k in jou sté,
 Den scoe 'k malle gau ien fine ;
 'k Hie mei trye wike 't ré.
 Benn' jy knap,
 In ien flap
 Ha jy wis in stik of trye.
 Jy kenn' kar út tûzen krye.
 Sök in krassé jonge boer :
 Wel, dat achte 'k net in stûr !” —

»Mannich faem scoe heel wol wolle,
 Frister, dat leau ik mei dy.
 Mar 't is my net like fölle,
 Maste tinke, hwa 't ik kry.
 'k Hab in sin,
 En ik ben
 Net foldien mei 't moaye allenue.
 'k Siikje nei in goed boerinne,

Fiks betoeft en flink en kras :
 Sa'n ien komt my bêst to pas."

Scoest den miene dat hjir earne
 Sa'n ien net to finen is ?
 Derom hoeft mei gjin lantearne
 Rûn to siikjen, leau dat wis !
 Mannich faem
 Is bikwaem
 In hjar wirk en by de pinken.
 't Jowt gjin pas sa leech to tinken
 Oer de fammen fen ûs lân,
 Fen de friske boerestân."

As der sôkke fammen benne
 Den bist dou der fest ien fen.
 Ik scoe 't wol mei dy birenne;
 'k Merk, dou biste lang net min.
 Bist yet fry
 Den woe 'k dy
 Dalik mar nei hûs ta bringe, 'n
 Jûn ris prate oer folle dingen
 Dy 't ik dy to sidzen ha.
 Wel, ho liket dy dat ta ?' —

'k Leau, hja het der net tsjin striden.
 Dit to minsten ha 'k fornomd :
 Hy is mei nei hjarres rideń,
 En hwet let by honk wer komd.
 En it wier

Gau sa fier,
 Dat it waerd for wier forhelle:
 »LUTSKE scil oan nyboer JELLE.”
 't Spiet in hopen fynten swiid;
 Mar it jonge pear wier bliid.

As nou JELLE mei sìn LUTSKE
 Soms ris wer nei *Frjentsjer* riidt,
 En hja komme oer *Lankums* brègge:
 O, den laket hy sa wit!
 Den seit hy:
 »Hjir ken 'k my
 Altiid yet ris nochlik tinke.
 Hjir mocht earst mìn lòkstjer blinke;
 LUTSKE, hjir ha 'k op in jùn
 Al mìn libbenswille fùn.

JT KEN FOROARJE.

Wize: *Hwa wol hjir untfreden grine.*

Do 't JAN om GATS hjar hân forsochte,
 En trou by hjar to fryen kaem,
 Do wier it dat hy faken tochte:
 »In *engel* is 't, dy ljeave faem !”

Mar korte dagen nei hjar trouen,
 Do 'r altiid hjar ta selskip hie,

Bigün de man al gau to leauen
 Dat se oars net as in *menske* wie.

En nou, — ho scoe men 't tinke kenne ?
 Hwet wier hy fier de planke mis !
 Hwent nou is JAN al safier hinne :
 Hy leaut dat GATS in *divel* is.

Dus synten, mei ik jimme riede,
 Ren dôch net ûnbitocht er in.
 Lit moayens jimme net forliede,
 Hwent froulju's moayens is faek skin.

Dy tongkjes, dy 't sa ljeaflik flaye,
 Dy wirde skerp soms as in doarn.
 Dy handsjes, dy 't sa nochlik aye,
 Der waechse wol ris neilen oan.

Dy eachjes, dy 't sa löddrich sjugge,
 Dy sjitte licht yet finnich fjûr ;
 Dy lipkes, dy 't sa sabje en dögge,
 Licht rôllet der din flök yet oer.

In famke nedrich, stil en sedich
 Blûwt immen best bihalden mei.
 Hja benne in bulte struyen nedich,
 Dy 't pronkmoai renne dei by dei.

En kenn' se den hjar sin net krye,
 En wirdt it earmoed ta bislût,
 Den mat de man it faek bilye ;
 En sljucht de ljeafde 't fenster út.

Dus siikje meast nei deugd en eare,
 Nei sedichheid en sún forstan.
 Hwent den scil 't noait sa slim bêteare,
 Of seft bljuwt immens houliksbân.

AISIKERS-LIET.

Wize: *Toen mijns levens morgenzon.*

As aprilmoanne ûs bigroet,
 As mei de earste foarjiersblommen
 De earste fûgeltsjes wer komme,
 For gjin winter mear in noed :
 Den is 't wer min gouden ure
 Om to swalkjen trôch it lân.
 Den mat 'k op 'e ljeapkes loere ;
 Dêr ta skerpje 'k min forstân.

As in 't easten moarns bytiid
 De earste sinnestrielen blinke,
 En oer 't fjild de lûdsjes klinke,
 Fen it fûgelguod sa bliid ;
 As oer 't wetter de einstjes drjuwe,
 Siikkend nei in nêst in 't reid ;
 As de farske held're daue
 Op de jonge blêdsjes leit :

Den dwael ik de fjilden rûn.

Waye de earste moarntiids-wîntsjes
 Somtiids wol hwet skerp en fintsjes :
 't Makket immen sterk en sûn.
 Bljuwt in oar den in 'e fjerien
 Lidzen mei sîn luye lea,
 'k Hald net fen sök selsbidjerren ;
 't Is mar neat as lêst en skea.

Sjuch ik in de fjirte den
 Ho 't de ljeapkes draye en fleane,
 Den wit ik it gau hwer earne
 'k Gean mat en hwet fine ken.
 'k Sjuch nei alle kanten hinne ;
 Ho 't hjar 't ljeapke ek halde mei,
 Striekessmite, fleane of renne,
 Altiid wiist hja my de wei.

Hie 'k it sa mar in 'e macht
 Om to sjen as LOKKE'S minne
 Suver is, en as allenne
 Hjar for my it hertsje slacht.
 Den koe 'k gau hjar miening witte,
 Den wier 'k ringen út 'e noed.
 Hwent hja wegert altiid yette,
 Al mien ik it tige goed.

Mar o fy ! hwer tink ik om ?
 Sök in faem, sa braef en sedich,
 Altiid stil en evenredich
 Né, dy hannelt net ûnfrom.

As by 't ljeapke 't wjukjedrayen,
 Seit hjar srjûnlik glimkjen my,
 Dat 'k mei min 'wolmienend flayen
 Einlings wol it jawird kry.

DE MUNLERSDOCHTER.

Wize: *Nany, nany, swy min kûke..*

Oan de kant fen 't stille wetter.
 By it earste maitiidsgrien,
 Siet de ljeave mûnlersdochter;
 Tsjepper famke wie 'r net ien.
 En in snipper hearke socht hjar;
 Fluensk en ljeaflik praeitte hy.
 Oan de kant fen 't stille wetter:
 Nijnnen wier sa bliid as sy.

Oan de kant fen 't stille wetter,
 In it hjerstwaer koel en klear,
 Seach ik wer de mûnlersdochter;
 Mar hja wier net fleurich mear.
 Leedsje hie de simmer brocht hjar,
 Hwent dat hearke: falsk wier hy.
 Oan de kant fén 't stille wetter;
 Nijnen wie binipt as sy.

Oan de kant fen 't stille wetter,

As de winter flokken smiet,
 Seach ik wer de mûnlersdochter:
 Buyich en onlyich wie 't —
 Mar de ljeave mûnlersdochter
 Wier fen kjeld en sorch ring fry.
 Oan de kant fen 't stille wetter,
 In it stille grêf leit sy.

FRI SLAN.

Wize: *O rôlje oer bou en greiden.* (*)

Fen *Frislân* wol ik sjonge,
 Dat alde frye lân,
 Der 't altiid alde en jonge
 Rju lök habbe in hjar stan.
 Dér 't mannich-iен in 't stille
 Sin libbensdagen slit
 In gölle rëst en wille,
 En fen gjin sorgen wit.

Dat lân dér 'k borte as berntsje,
 Yet frjemd fen 't wralds fortriet,
 Het mannich hoekje en herntsje
 Der ik faek nöchlik siet.

(*) Dit sangkje mei de musik er by is to finen in de *Swanneblommen* for 1850 en ek in 't »Great Frisk Lieteboek.«

Ik scoe der sine kenne
 Al mannich plakje grûn,
 Dat my wer brocht to binne
 De wille dy 'k er fûn.

Der wenje fölle mensken
 Hweroan ik tink mei nju,
 Dy 'k faker by my wînske.
 As 't wèze mocht en koe.
 Dy 't my bysûnder hagen
 Trôch friske iensaldichheid,
 En ha my blide dagen
 Sa foar en nei bireid.

Hjir klinkt dy alde sprake
 Us altiid yette in 't ear,
 Dy 't pake bet-oerpake
 Al brûkte in sîn petear.
 Ja Friezen, ja wy fine
 Sa fölle in 't heitelân,
 Hwertrôch we ûs der oan bine
 Mei 'n izerfeste bân.

't Is wier, de frjemd-sin glûpte
 Hjir ek de herten in,
 En mannich Fries bikrûpte
 De sucht nei falske skin.
 Doch doare wy fortroue,
 Dat de alde Stânfrieze-aerd,
 Hwerop wy hûzen boue,
 Yet net fordil aerd.

Dy sljuchte rjuchte seden,
 Dy lang ûs ha bihoed
 For útlânske idelheden,
 Bistean hjir yette ont hjoed.
 En drege rûne Friezen,
 Dy 't friske op *Frislans* grûn
 Net winskje toforliezen,
 Dy wirde er ek yet fûn.

O Friezen, jonge en alde !
 O, lit ûs jimmerwei
 Us tael en seden halde,
 En folgje in oar net nei.
 Libje altiid mar in 't stille
 Der wol to moed nei ta ;
 Den kenn' wy hjir rju wille
 By frede en wolfeart ha.

BY DE HAGE.

Wize : *Hwa wol hjir úntofreden grine ?*

Hjur moast ik komme by de hage,
 Sei Minke jisterjûne yet.
 Hwet het dat famke dôch fortrage,
 Dat hja my op hjar wachtsje lit ? (*twa kear.*)

Of scoe 'k to foarlik wêze scille,
 Tröch dat ik sa nei hjar forlang ?

'k Hab ommers bûten hjar gjin wille,
En 't wachtsjen is my sök in twang. (*twa kear.*)

De tiid dy liket wol to sloeren,
In omsjen dûrret hast in jier.
Biskieden ben 'k op njuggen ûre en
Ik stean hjir wol in great ketier. (*twa kear.*)

Scoe licht hjar heit ek lonte rûke,
En halde it famke binnen doar ?
O, wist er mar ho 't Minke slûkke,
Hy striek der grif de skoattel foar. (*twa kear.*)

Hy dildt fen hjar gjin fryerye.
Hy seit, se is yet to jong dêr ta.
Mar 'k wit wol, hy mei my net lye,
Omdat 'k gjin rûne skiven ha. (*twa kear.*)

Mar stil ! dêr hear ik immen kommen.
Jawol, dat is se grif en fêst.
Wês welkom, swiete huningblomme !
Ik hab hjir wit ho lang al wêst. (*twa kear.*)

Kom fly dy nochlik oan min side ;
Forbeane biten smietse swiet.
Hjir ester 't beamtegrien biside,
Hjir tinke wy om gjin fortriet. (*twa kear.*)

Al mat ûs ljeafde tsjinwar lye,
Wy hoopje op betterskip hjirnei.

En benn' wy hjir, wy patsje en frye,
 En slite ûs tiid mei gjin geklei. (*twa kear.*)

Hjir in 't oanskôgjen fen de stjerren,
 Hjir in de ljeaflik stille jûn,
 Mat neat ûs inlik lök bidearre,
 Hwent rôd fljucht hjir in ure rûn. (*twa kear.*)

Wy witte dat wy skiede matte,
 Ear 't heit en memke gean to rêt.
 Kom Minke, kom den oan mîn herte!
 Wy dwaen mei ljeafjen nou ûs bêst (*twa kear.*)

OP IN BRILLOFT.

Wize; *Hwet scoe 't liiben súnder sang.*

Trouen komt fen fryen meast,
 Dat is faek al slage.
 Is 't soms grappery in 't earst,
 't Ken sîn fruchten drage.
 Nimmen, dy 't for 't winskjen hie,
 Scoe allenne blijuwe;
 Hwent in menske is net fen strie,
 Dêrom mat er troue.

Diene wy oan 't trouen kwea,
 Doom'nys woen' 't net lye.

Wier it for de sündheid skea,
 Dokters scoene 't mye.
 Hie de skatkist skea der by,
 't Waerd forbean mei wetten.
 Hind're 't heel de maetskippy,
 Föllen dy 't biletten.

Trouen jowt in bulte noct;
 Hwa 'r op skimpe meye.
 Dy 't mei suv're ljeafde docht,
 Seil 't him net bikleye.
 Elk op ierde het wol lëst
 Nou en den to dragen,
 Mar it houlik bringt ûs fêst
 Fölle blide dagen.

Fölle wille, ny jong pear !
 Matte jimme smeitse :
 Ungemakken, siikte of sear,
 Matte jimme n't reitse.
 Belroas, jicht of sukk'cery
 Koarts of kjissepine,
 Scille jimme, hoopje wy,
 Noait net ûnderfine.

Dat jimme altiid mar de rûmt
 Fen riksdaelders barre.
 Dat de frede, ho 't ek komt,
 Bljuwt in 't hûs biwarre.
 Elk ta frjûn, in goed bistean,

Lang by elkoar bljuwe !
 Pearke, wirdt dat jimme lean,
 't Boask scil jimme n't roue.

YET IN BRILLOFTSANGKJE.

Wize : *De paus leeft heerlijk op deez aard.*

Elk op disse ierde fryt en trout,
 Dat fêst in bulte wille jowt ;
 En fryde en troude er nimmen mear,
 O fy, hwet wier de wrald den near.

Mar bljuwt it fryen in 'e swang,
 En wirdt gjin ien fen trouen bang,
 Den bljuwt er fleur en nöcht bisteau,
 Den ken men faek to brilloft gean.

Hjir is al wer in ny jong pear,
 De fryery bün hjar ek gear,
 En 't houlik liket moai hjar ta,
 Dérom mat elk hjir wille ha.

Ontfang fen hwa hjir wêze mei,
 De segenwinsk op disse dei !
 Hwa is 't dy nou net frolik seit :
 Gelök, o Brégeman en Breid !

DE ORGELMAN.

Wize : *Wie zich ook keer' van Libers gaven.*

Kom fynten, sammen allegjerre !

Al is mîn jonge tiid foarby,

Dôch lit ik yette sangkjes hearre

Fen frolikheid en fryery.

'k Song iens for 't famke fen mîn sin,

En nou for jimme oer ljeafde en min.

'k Mei graech yet oan dy jierren tinke,

Do 'k in de fleur der jongkheid wie.

Do seach ik neat as sinneb!inken,

As 'k hjar mar oan mîn side hie,

Dy 't lang my lökkich makke het.

Dy gölle tiid forjut ik net.

O jimme, dy 't fol blide hope

Yet libje in kleare bare nocht,

Lit baetsucht jimme lök net slope.

As 't hert op ljeafde allenne sjucht,

Den is de wille net oan de ein,

Al is de jonge tiid forflein.

Sjen den de takomst fry tomjitte

Fol moed, en praet elkoarren bly

As jimme oan elkoars side sitte;

Dat is gjin id' le dromery.

Oprjuchte ljeafde bljuwt bistean,
Hwet stormen oer de hölle ek gean.

Ja pearkes, dy 't op fêste grûnen
Elkoarien namen for hjar kar,
En 't heechste lôk in elkoar fûnen,
Dy doar ik riede: weagje 't mar !
Hja scille blide dagen sjen,
Al mat hjar jeugd ek hinne tsjen.

It houlik scil hjar segen skinke,
Hja scille wis, nei mannich jier,
Mei nocht yet oan hjar jonkheid tinke,
Dy 't sa fol wille for hjar wier;
Hja scille bliid hjar bringe in 't sin
Dy gölle tiid fen ljeafde en min.

Ja fynten, fammen ! 'k winskje jimme
In houlik sûnder neibirou.
Dus harkje nei de ljeafdestemme !
De jonge tiid forfijucht sa gau;
Mar ljeafde dy 't goë wirtels het,
Wint stadich aan en wilet net.

SELSKIP-SANGKJE.

Wize : *Laat de glazen vrolijk klinken.*

Lit ūs sjonge, bliid sen sinnen,
 Jong en fleurich benne wy ;
 As we as frjūnen by 'n oar benne,
 Mat er ek in sangkje by.
 Frjūnskip ken ūs nocht forswietsje.
 En in frolik frjūnskips-lietsje.
 Dat bint ommers elke kear
 Us op ny de herten gear, gear, gear,
 Us op ny de herten gear.

Mei 'n oar libje, mei 'n oar sjonge
 Mei in gol oprjucht gemoed,
 Dat jowt wille aan alde en jonge,
 Dat döcht ūs it herte goed.
 Ja, dat ken in letter dagen
 Sels yet swiete fruchten drage,
 Hwent dat frisselt mear en mear
 Us de frjūneherten gear, gear, gear,
 Us de frjūneherten gear.

Yet ris frjūnen, yet ris sjonge !
 Libje frjūnskip ! libje freugd !
 Freugde en frjūnskip, onbitwongen,
 Is behoefté for de jeugd.
 Lit mar oaren grine en kleye,

As wy by 'n oar wêze meye,
 Bint de sjongnocht mear en mear
 Us de frjûneherten gear, gear, gear,
 Us de frjûneherten gear.

JT FAMKE EN IT ROASKE.

Wize: *Bruintje, Bruintje, stap wat aan.*

Roaske-ljea! hwet stietst dêr fris,
 Altiid like prôes en fleurich,
 Altiid helder, altiid geurich,
 Dat it siker wunder is.
 Hwêrtrôch, roaske, sids it my,
 Bljuwt din moayens dy sa by?

Famkeljea! by 't moarntiids-blau,
 As in oar yet leit to sliepen,
 Döch ik gau min knopkes iepen
 En ik waskje my mei dau.
 Neat dat mear my glânsjen döcht
 As dat ferske kleare focht.

'k Lit my fjirder op 'e dei
 Fen min griene blêdden dekke,
 As de sinnenstrielen stekke,
 Dat my licht oars skeadsje mei.
 Mar, ho 't wierje mei, ik spried
 Geuren om my, fris en swiet.

Sakket wer de sinne in 't wést,
 Den sjuch ik, om leed to myen,
 Gau mîn knopkes ta to kryen,
 En ik nim de swiete rëst.
 Hwent de jünloft, leau it fry,
 Is forkeard for dy en my.

Dat is 't hwet ik döch en lit
 Om sa fris en moai to bljuwen.
 't Wier net better to biskrjuwen,
 Hwérin dat it kinstke sit.
 Famke, haldste graech din glâns,
 Gean den by mîn foarskrift lâns.

SÉMANS ØFSKIE.

Wize: *Napoleon waar zijt gjij gebleven.*

Yet ienkear de sé in, mîn ljeafste,
 Mîn ljeafste, yet ienkear in sé.
 Den meitse wy fleurich togjerre,
 Togjerre ûs boask-boatsje ré.
 Us alden dy winskje ûs de segen,
 De segen, de rëst en de fré,
 En wy benne mei 'n oar tofreden,
 Tefreden en wol op ûs dré.

Yet ienkear de walfisk harpoenje,

Harpoenje de walfisk in 't Noard.
 Den kom ik werom mei min oerwinst,
 Min oerwinst fortsjinne in dat oard.
 Den röp ik sen fjirren: Min ljeafste,
 Min lieafste, tink om us akkoart!
 Din keuze foel fést op gjin oaren?
 Gjin oaren kaem dy wis aan boart?

Yet ienkear 't gefaer fen de weagen,
 't Gefaer fen de weagen tröchstien;
 Min ljeafste, den wirdste min wifke,
 Min wifke, sa ljeaf en sa grien.
 En hearre wy letter fen skippen,
 Fen skippen in 't needwaer forgien,
 Den sidze wy tankber: de Heare,
 De Heare het goed oan us dien.

Yet ienkear tröch iißkos en branning,
 Tröch branning en iißkossen stjûrd.
 'k Hier den in 'e bûrren in hûske,
 In hûske bihindich en goed.
 En as wy togjerre dêr libje,
 Dêr libje sa nochlik en froed,
 Den krye wy, hoopje 'k, in jongkje,
 In jongkje dat ljeaf dy oan loert.

Yet ienkear moast Jelke nei *Grienlân*,
 Nei *Grienlân* en de iißkossen tsjen;
 En 't durre net lang, do kaem Rinske,
 Kaem Rinske him hjir wer to sjen.

Hja boaske mei him en hjar wille,
 Hjar wille dy gîng net forlern.
 Hja sielt by hjar Jelke hjar fleurich,
 Hjar fleurich by mûtele bern.

Yet faken sjongt Jelke sîn sangkje,
 Sîn sangkje, sa bliid as er mei.
 De fammen dy harkje dêr yette,
 Dêr yette sa graech eris nei.
 Hwent mannich-iен séman doch bljuwt er,
 Ja bljuwt er for altid mar wei;
 Of komt ek sa trou net as Jelke,
 As Jelke sin wirden iens nei.
Nei 't Flaemsk fen DE LAET.

S A N G K J E.

Wize: *Wat is een man al zonder vrouw.*

—
 Ik woe wol dat 'k in famke hie,
 Dat sa my haegje koe,
 Dat hja boppe al my dierber wie,
 Dat 'k oars gjin habbe woe.

Ik ren nei GRIET, ik ren nei TIET,
 Hja benne beide bêst,
 Mar gjin fen beiden, dêr 'k my yet
 Oan halde ken for fêst.

Hwent SIBBEL, JANKE, SJOUK of TRIN,
 Dér gean 'k soms ek wer mei ;
 Oan alle fammen, hwêr 'k se fin,
 Fiel ik my like nei.

Hwêr 't yet dy alderljeafste sit,
 Dy 'k nimme scil for kar,
 Hwerfor 'k alle oaren renne lit,
 En hald my fêst oan hjar ?

In engelinne, dy 't my swiet
 Mei ljeafdetriedsjes löek,
 Dy 'k for gjin jild wer farre liet :
 Dat 'k sa 'n ien hie, dat woe 'k

Den wier de fryerye my
 Gjin gekkerye as nou.
 Den hie 'k it wiere doel der by ;
 Dat wier : oprjuchte trou !

Och hie 'k dy skat mar ringen fûn !
 Hwent sök in los gefry,
 Sök swabjen sùnder doel in 't rûn,
 Forfeelt en hindert my.

JN FAEM OP SKJIN POMPIER.

Wise: *De wereld is in rep en roer.*

Hark, friske fynten, hein en fier,
 Ik wit in faem op skjin pompier,

Dy ken hast net mear wachtsje.
 Wol immen graech in hertlap ha,
 Och gean den mar op hjarris ta !
 Oars mat se yet forsmachtsje.

Hja het nou ïn in wike of saun
 Gjin fryer ûnder de azem hawn.
 Dat ken se hast net hirde ;
 Hja het in bjusteren forlet.
 Och, fynten, wês dôch gau biredt !
 Dat sloof mat holpen wirde.

It is for hjar net út te stean,
 Om sneintojûns op bêd te gean,
 Om healwei tsienen hinne.
 En dôch, dat mat se kear op kear.
 As 't langer dûrret scil se n't mear
 Fen hertsear sliepe kenne.

De fryers tinke nou misskien :
 Dat is den fêst in raren-iën !
 Licht tige ûnsjuch fen hölle ;
 Licht mist se wol ien fen de fiif,
 Of is onfdege tor en stiif,
 Of bromt allik in bölle.

Né fynten, dat is lang net wier !
 Hwent altiid sjucht se like blier,
 Hjar eagen benn' twa piltsjes ;
 Hja stiet sa krudich op hjar ein,

En is fen lea sa kreas en kein
As skoarstienmantel-bildsjes.

En as se by in fryer sit.
Ho goed se hjar den flye lit,
Dat mat onbidich wêze !
Den is se n't stiif as hout of stien,
Mar krekt sa flant'rich en sa grien
As lange wiete gérzen.

En o, hwet is hjar tongkje glêd !
Dat rept se hinne en wer sa rêd,
It is hast net to leauen !
Sadat se siker, as se woe,
For klappermûnle tsjinje koe,
Om rotten te fordrjuwen.

Ek is se in rjuchte modepop ;
Hja pronket sneins hjar bjuster op ;
Hja wit hwet nye swier is.
Hja blinkt fen lint en strikjes sa,
Dat elk der út begript, dat hja
To keap en ek to hier is.

Ho mannich fynt, dy 't nacht en dei
Sin sinnen kwelt en kwint hast wei
Om ien oanbidlik famke,
Dat net for him to kryen is ;
Hy bint him oan in strie, dat 's wis.
Gean nei dit löddrich lamke !

Hy scil der treast fine in sin smert;
 In iepen mûle, in iepen hert
 Seil hja him stellich biede.
 Wol immen graech ris nei ien ta,
 En wit er sels net goed nei hwa:
 Ik doar him hjar wol riede.

Hwent keken is se in 't minste net.
 Né, komt er ien by hjar, dy het
 Mar steat er op to meitsen,
 Al is er oeral oars forspein,
 Al roan er blaukes, snein op snein, —
 By hjar wer klear te reitsen.

Hja stjûrde nea nen fryer wei;
 Hja wit er sels wol rieden mei
 Al komme er twa of trye.
 Ek den scil elk — der is gjin noed, —
 Hwent hja forstiet hjar saken goed, —
 Fen hjar sin deel wol krye.

Hjar wenpleats sids ik jimme net.
 Hja kommt op elke merke en pret;
 Soms ek in frjemde tsjerken;
 Hja laket fölle en sjucht hwet glean.
 Nou ha 'k se goedernôch biskrjuwn,
 Om gau hjar op to merken.

Licht skint it jimme nuver ta,
 Dat sa 'n geriflik faem as hja

Sa lang op skjin pompier is.
 't Komt tröch in misbigrip fen hjar:
 Hja het de feste miening mar,
 Dat 't altiid skrikkeljier is.

En fölle fynten habbe in sin
 Sa wündre frjemd, dat hja dêrfen
 Alheel ôlkearich benne.
 Mar as in faemke, foar de wrald,
 Hjar fjûr hwet ûnd'r 'e yeske haldt,
 Den woll' se er ljeaver hinne.

As 't haske, sunder dat it roan,
 Him krye liet fen elk dy 't fûn,
 Hwet nocht wie den it jeyen ?
 Rju fammen ha dat foar 't forstân ;
 Mar ek guods benne er in ûs lân,
 Dy 'r wol om tinke meye !

F O A R B Y.

Wize : *Er is een bloem van hooge waarde,*

—

Hwêr benn' se nou, dy ljeave blommen,
 Fen kleur sa moai, fen geur sa swiet,
 Dér 'k, as ik moarns hjir plicht to kommen,
 My nochlik tröch forkwikje liet ?
 Hja benn' fortorre en foelen ou ;
 De wintersnie bidekt hjar nou.

En hwêr 't nou al dy fûgels benne,
 Dy 't mei hjar helder klinkend liet,
 Roan ik in de ieræ moarn hjir hinne,
 My treasten in mîn stil fortriet ?
 De wrede fûgelfanger het
 Se fongen in sîn listich net.

En hwêr scoe nou dat famke wêze,
 Dat der in 't lân de glêdde ky
 Den molk, en trippele oer de gérzen,
 En song er faek in sangkje by ?
 Hja bljuwt, by 't winterwaer sa goar,
 Krekt as de ky, nou binnen doar.

Foarby is al mîn stille wille,
 Dy 'k mannich simmermoarn hjir hie.
 Mar scoe 'k mîn tiid ûnnut forspille ?
 O, né ! ik wit wol better rie.
 'k Scil sjen as 'k hjar net fine ken,
 En sids hjar dat ik hjar bimin.

En biedt hja my den ljeafde en troue,
 Den jowt my ek de winter nocht.
 Den seil ûs wille jimmer bljuwe,
 Howol ûs bêste fleur forflucht.
 Gean 'k hjir den hinne summerdei,
 Den nim ik hjar mîn ljeafste mei.

En as hjir den de fûgels sjonge ;
 En blomkes pronkje wer op ny,

Den sids ik : al it moaye jonge
 Giet krekt as 't summergrien foarby.
 Mar fêste troue, ljeafste bern !
 Giet tröch gjin winterkjeld forlern.

F R Y E R S - S A N G,

Wize : *Schulder 'k wou my zelven zien.*

—

'k Ben in frjûn sen fryery,
 'k Hald sen famkes fölle,
 Mar for fêst scoe 'k yette my
 Net forbine wolle.
 Ik döch as in flinter döcht,
 Dy 't sen blomke op blomke fljucht.
 't Mat by fryen bljuwe ;
 'k Wol yet lang net troue.

't Is to gek, dat sids ik mar,
 Om in faem to grinen ;
 Oeral is in bulte kar
 For in synt to finen.
 Ben 'k er op bigien , ik ha
 Gau aan elke finger twa :
 Scoe 'k om ien den kleye,
 En min lök forjeye ?

Ken ik moglik by MARY
 Ginst noch frjûnskip winne,

Nou hawar ! hwet maelt it my ?
 'k Lit sa 'n fiske renne.
 'k Gean nei LISBET, dy forwis
 Net in sierke minder is ;
 Licht mei dy my lye,
 'n Wol hjar nei my flye.

Lökt it likwol ek al net
 Lis ris oan to krûpen,
 Dérom ben 'k yet net biredt
 Om my to forsûpen.
 'k Sjuch dat 'k wer in oaren fin.
JAPKE, RINSKE, SAEP of TRIN.
 'k Tink oan ien fen allen
 Doch wol to bifallen.

Tsjerken benne er tige rûm ;
 Fammen yette rûmmer.
 Derom tinkt my, 't is to dom,
 Dat 'k my 'r oer bikommer
 Al bislacht it somtiids tsjoed.
 Hwent ik wit it al to goed,
 As al de iene traech is,
 Dat wer de oare graech is.

'k Sjuch op jild en pronkjen net ;
 Hwet ken my dat skele ?
 By ien dy 't nen gaven het
 Scoe 't my dôch forsele.
 Né, ik fry om kleare nocht ;

Dy 't ût greatskens my net sjucht,
 Dy scil 'k wol hwet mye;
 Ik ken wol guods krye.

En as ik den op it lëst
 Ek ris tink om trouen,
 Nou, den nim ik ien for fëst,
 'k Hoopje sùnder rouen.
 Ha 'k oeral de rûnte dien,
 Den wit ik, sa goed as ien,
 Hwer 't de bêste benne.
 Sa 'n ien gean 'k den benne.

MINNEKLACHTÉ.

*Wize: Komt vrienden laat ons varen
 naar Noord-Amerika.*

Nou ha 'k it foar de nieren,
 En dat om JAPKE skroar.
 Min bloed flucht tröch min ieren
 As siedend baergesmoar.
 Ik seach hjar jister rennen,
 Nou piipje 'k as in mosk,

Hwent al min sâne sinnen
 Benne as in tizebosk.

Hjar eagen, as twa lampen,
 Ha my it hert toskroeid.
 As flaechs tröch 't braken, stampen
 Ben ik fen hjar toknoeid.
 Is frees ik scil fordruye
 As bökkens in de reek.
 Gjin hûn wol my bikluyé,
 Sa meager ben 'k en bleek.

Ik nim gjin sprûtsel item,
 It smoken ben ik ba.
 To nacht ha 'k skriemd en kritten
 In amerfol of twa.
 Ik plôkke my de hölle
 Keal as in terskers-flier;
 Men ken in kjêsscn fölle
 Mei al min ûtskuord hier,

Bljuwt dat sa yet in poaske,
 Den siikje 'k gau in strop,
 Of 'k fret, sa wier, in doaske
 Fol lucifers mar op.
 Hwent ljeaver sîket ANE
 Sîn libbens-ein mar gau,
 As dat ik scoe torane
 As bûter op 'e strou.

Koe 'k mei mìn bearen, famke !
 De bast fen 't hert dy slaen,
 Dat scoe mìn libbens-lampke,
 Sa tor, wer olie jaen.
 Mar bist net to bitwingjen,
 O, leau my, JAPKE-ljea !
 Den sjuchtst my yette hingjen
 Wol tsjien jier foar mìn dea.

ÆLSES KLACHTE.

Wize: *Duizend kneepjes, duizend kunstjes.*

Maike ! mat ik den forsmachtsje ?
 Lit my dôch net langer wachtje !
 'k Ren hjir ommers jûn op jûn
 Om 'e doar en foar de glêzen.
 Fanke, is dy it hert biférzen ?
 'k Scoe wol jammerje as in hûn.

'k Wit net hwet ik mat begjinne ;
 'k Ren er deis forwezen hinne ;
 'k Reitse mìn forstan yet kwit.
 'k Mei gjin iten en gjin drinken,
 Mem begjint om 't slimst to tinken,
 Hwent ik kry in kleur as krît.

Faek seit hja : Hwet skeelt dy, jonge ?
 Earen koeste laitse en sjonge,

Nou renste om allik in súch.
 Kenste 't mei de buorkerye,
 Nei din sin en winsk net krye,
 Wés den dôch net sa ûnfoech.

Maike, nou hwet mat 'k den sidze ?
 Mat 'k min hert hjar iepen lidze ?
 Né, der gean 'k net gau ta oer.
 'k Wol min leed allenne drage. —
 'k Ben hwet pînlik in de mage,
 Sids ik den, en sjuch hwet sûr.

Om min pine den to stillen
 Jowt se my Urbanuspillen ;
 Mar, och hea ! hwet helpe dy ?
 Maike, koest min lyen fiele,
 O, din hert bleau net forstiele,
 Né, ik wit den holpste my.

Maike scoeste it útstean kenne
 Dat my de eagen jimmer renne
 As in weake trjuwel-tsiis ?
 Dat ik mei 'n toskramme skine
 In de todkoer mat forkwine,
 Wirde foar min dagen griis ?

Litste den tröch neat dy bûge ?
 Is dy 't bloed út de ieren droege ?
 Heste in hert fen iken hout ?
 'k Wedsje, as ik to langelêste

Siikje in de alte sleat mîn rête,
Dat din stegens dy birout.

Mar as Maike yette langer
Wille fint in mîn gesanger,
En my op 'e tochte haldt;
'k Wol den ek forgees net lye:
'k Seil mîn duffels jaske krye,
Hwent it stiet hjir stomme kald.

DE LÖKKIGE BOER.

Wîze: *Ach meisje lief, waar schreit gjij om.*

'k Wier twyntich jier, do hie 'k bistek
Op ALE SJOERDS MARY.
By 't winter rieden wy oer iis,
By 't simmer merken wy.
Ik sloech op 't lest hjar trouen foar;
Ik tocht, dat 's dalik ré.
Mar hie se oars altiid sein fen ja,
For trouen sei se: né !

Do socht ik MURKE LISBET oan.
Dat fanke sei tsjin my :
Dou hest gjin bourkerye of lan,
Hwet scoest den doch mei my ?
Dat scil 'k dy wize, lustere ik,
En 'k patte hjar set op set.
Nou deroan hie se in bulte nöcht,
Mar troue woe se net.

Sa ging 't my ek by SJOUK en GRIET,
By LUTSKE, SAEPE en FIN.

To fryen hie 'k oerfloedich kar,
To trouen fjirs te min.

Ik wier in teardich, gnap jong fynt,
Hja wieren net fen stien.

Malfarje woen' se graech mei my,
Mar troue woe gjin ien.

Ik siet by mem ris in 'e hûs,
Do brocht alde IZAK my
Great trye tûsen gûne thûs,
't Kaem út de lottery.

Do roanen my de fammen oan
En wieren nuv're grien.

Do woe 'k yet wol in grapke ha,
Mar troue woe 'k gjin ien.

Ik roan de singel ienkear lans
Mei JETSKE fen Samar.

Hja hie gjin jild, mar ik hie do
Genôch for my en hjar.

Ik hald in boel fen dy, sei ik ;
Faem woste my net ha ? —

Is dat dy mienen RUERD ? — Jawis ! —
Hja sei : den sids ik ja !

Dat ja ! dat gîng my tröch de siel.
Ik wier sa bliid to moed ;

't Wier krekt as waerd my'n engel út
Gods hege himel stjûrd.

Hja lake bliér en krike in kaem.

Ik wist net ho 't ik wie.

'k Hie noait sa inlik ljeafjend west,

Der 'k nimmer spít fen bie.

Us mem sei: Nou, dou kryst in wiif

Sa best, it hoeft net oars.

Mar ljeave ginst ! hwet seagen do

De fammen op 'e noas !

In jier der nei, do wieren we al

Tröch de echtestaaet forbün.

Do wier ik bliid dat 'k earst sa faek

In blaue skine roan.

Nou ben wy twyntich jier al troud.

't Ging flink ús fen 'e han.

Mìn jild wûchs oan ; ik ha nou al

In hele lape lan.

Mar JETSKE bljuwt hjir op 'e wrald

De greatste skat for my.

Fiif flinke jonges ha 'k fen hjar,

En der in famke by.

Nou sitte SAEP, MARY en FIN

En LISBET sùnder man

To stimjen en to rabjen by

Hjar beppe koffykan.

Mìn fanke ! kryste fryers, den

Mast net dwaen lik as hja.

Sids for 't malfarjen altiid : né !

Mar sids for 't trouen : ja !

DE LÖKKIGE BOERINNE.

'k Wier achtsien jier, sa flink as jong,
Ik lake en song, ik dûnse en sprong.

Ik wier yet as in tûgel fry,
Hwent fryers kaemen net om my.
It like dat my elk forgeat;
Ik lake en dûnse en song for neat.

Ik mirk wol, oaral hwer 't ik kaem
Waerd sein: Dat is in gnappe faem.

Mar des to mear die 't my fortriet
Dat elk my in min wêzen liet.

Ik tochte: Dat het skik noch roai!
Ik ben forgees sa kreas en moai.

Us Hans-om fen de lege wei
Forstoar en liet my siks hwet nei.

Do krike 'k fryers by de fleet;
Hja roanen ûs it hûs fen 't steed.
Der kamen fift soms ta gelik,
Ik waerd dus net forgees sa rik.

Sa hie 'k in tige rûmme kar.
Do naem ik JOUKE ROMMERTS mar,
Dy 't licht wol earder opkomd wie,
As ik mar earder jild hawn hie.
Mar noait het my min kar biroud.
Ik ben forgees net mei him troud.

Nou ha 'k in stik of njuggen bern
It is in lust om se oan to sjen.

Hja benne sūn en wirde great.

Wy habbe lök en brek oan neat.
En JOUKE seit, en 'k leau 't mei him,
'k Ben net forgees dy bern hjar mem.

Noait hab ik winske nei oerfloed.
Tröch flit en kloekens gïng 't ús goed.
As JOUKE my oerlibje mei,
Den jowt er grif my de eare nei:
Hja wier in handich wiif, dat net
Forgees op ierde libbe het.

DE ARBEIDER EN SIN WIIF.

Wize: *De lange dag is weer voorbij.*

DE MAN.

Mei unrest, kommer en fortriet
Is wer de dei foarby.
Ik skrep en klau safölle 'k ken,
En 'k bljuw allike fier as 'k ben.
Neat baet mìn iver my.
It WIIF.
Wy benne sūn; ik döch mìn best
En 'k fin mìn wilte in dy.

Al komt it net heel riklik om,
 Hest dou my ljeaf den is 't my rûm.
 Dou bist in treast for my.

DE MAN.

Mar och, dou hest mei krapte en need
 To kampjen kear op kear.
 Wy ha net noch oan min deihier ;
 Ek dou mast bödsje tige swier,
 En dat döcht my sa sear.

It WIIF.

Och swy der fen. Tröch ljeafde en trou
 Ha we altiid frede en rest.
 God jowt us kreft en sune lea
 En altiid yet us deistich brea.
 Is dat net tige best ?

DE MAN.

Dôch woe 'k it graech hwet rûmmer ha,
 En dat allenne om dy.
 Dat ik safolle mansk net ben,
 Dat 'k dy fen 't wirk bifrye ken,
 Dat döcht my bare ny.

It WIIF.

Gjin oerfloed leanet feste trou,
 Gjin goud of moaye klean.
 In hert oprjucht in wiere min
 Dat het gjin eigenbaet in 't sin,
 Mar freget ljeafde as lean.

DE MAN.

Mar ho scoe 't goed komme as ik dy
 Untnomd waerd tröch de dea ?

Den bleaust dou sitten mei din bern.
 Hwa kaem den nei jimme om to sjen?
 Hwa jowch din berntsje brea?

It WIIF.

God, dy 't om litse moskje tinct,
 Jowt mensken kreft nei leed.
 Hy is min treast as ik dy mis.
 Hy, dy 't in man for 'n widdou is,
 Helpt weeskes in hjar need.

DE MAN.

Goedmienend wiif! hwet seiste 't moai.
 Din warden dwaen my goed.
 'k Mei great wêze op sa 'n wiif as dou.
 Forsterke tröch din ljeafde en trou,
 Bödsje ik mei nye moed.

S T O F - R E I N.

Wize: *Van alle landen op deez' aard.*

Men mat in 't dageliks bidrjuw
 For stofrein en for falske ljuw
 Yen altiid tige wachtsje.
 Hwent as men in 'e stofrein giet,
 Den wirdt men stiltsjes wei tröchwiet,
 Al scil mén 't earst net achtsje.

En falske ljue laitse altiid bliert.
 Men scoe se op 't wird ou sikerwier

Yens liif en siel bitroue.
 Mar o! tomük wirdt faek yens ear,
 Yens wolteart, en hwa wit hwet mear?
 Bidoarn tröch falske ljuwe.

De man, dy 't iepen en oprjucht
 Yen rün en fry in 'e eagen sjucht,
 Dy ken men better leauie.
 Mar om 't er faek de wierheid seit,
 En net to plümkestriken leit,
 Scil mannich-ien him skoue.

Gean mei de hûningkwast mar om
 De greate heap is döch to dom
 Om echt en falsk to skieden.
 En dou wirdst hösk by mannichien
 Tröch al hwet falsk is en gemien
 De hölle drist to bieden.

Wier 't menskdom net sa sinneblin,
 En roaa 't net wei mei falske skin,
 Den scoe de oprjuchtens winne.
 Mar om 't it is sa lik as 't is,
 Matt' we in de wraldbislommernis
 Us redde sa 't wy kenne.

In hopen bringe 't dermei fier;
 Mar dit bljuwt derom altiid wier:
 Dy 't goed hjar kennen leare,
 Dy mye sökke snoade ljuw,
 En wolle in 't dageliks bidruw
 Hjar ljeafst de rech ta keare.



M. b. b.

Printer hierfen jowt ek ût

MINK MEI 'T ORGEL.

Nei frîsk Lieteboek

Priis 25 Cts.

FOR NUT EN NOCHT.

Rîmen en Teltjes for Ijue dy 't graech ris hwet in 't
iepenbier forlësse wolle. Priis f 0,90.

FRISKE WINTERJUNE-NOCHT.

Fifte boek. Priis f 1,—.

TO A NIELSTIKKEN:

Lubbert Erechtink	f 0.50
Rabbery beskamme en Woldwaen beleane . . .	- 0.30
It Tsiede gebod	- 0.25
Trye jieren letter of Levi Smoel de Lotteryjoad	- 0.25
Fen de Wilp nei Leauerd, fen Leauerd nei de Wilp	- 0.30
De Utdragerswinkel (<i>Oarde printinge</i>)	- 0.30
De Alde Jas (<i>Oarde printinge</i>)	- 0.40
In faem en in Arbeidster by keapman Watse (<i>Oarde printinge</i>)	- 0.30
Nanneboer en Master Slim of Heitenoed en Fryersl.	- 0.30
De boer by de Dîvelbander	- 0.30
Solke mei de baérgefoetsjes	- 0.30
In alde rot in 'e-falle	- 0.30
Kees Moster	- 0.30
Thomas en Tsiamke of de mislökte reis nei Noard Amerika	- 0.30
't Wiif út to arbeidsjen	- 0.30
Lubbert of de mislökte moart	- 0.30
In Neef út Amerika	- 0.30